

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	<p>Kramer</p> <p>Underwerp: POP-3 oanfragen biologyske lânbou</p>
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>De POP-3 regeling hat û.o. as doel de ûntwikkeling, duorsumens en ynnovaasje yn de agraryske sektor mei help fan Europeeske subsydzjes. Doelen dy't ús provinsje ek neistribbet. In part fan de oanfragen dy't fia it SNN rinne komt út de biologyske lânbou.</p> <p>Wy krije fan ûndernimmers en organisaasjes it sinjaal dat de oanfraachproseduere as 'tige stroef' sjoen wurdt. Men hat it oer tsjinstelde advizen fan de provinsje en fan SNN. Der wurdt ûnderbouwing frege yn hieltyd wer nije formats en ferzjes. De mjitte fan spesjalistyske ûnderbouwing is sels sa dat dizze neffens sizzen 'sels troch spesjalisten amper nei te kommen is'. Oer de problemen mei de 'twingende administrative bepalings' hat it CDA 16 jannewaris 2017 al fragen steld. Jo hawwe dêrop antwurde dat de mooglikheden om hjir wat oan te dwaan tige beheind binne.</p> <p>Underwilens hawwe wy as FNP de yndruk dat de problemen net minder wurden binne, krekt oarsom. Sa is it bygelyks by ôfwizing mooglik beswier te meitsjen. Yn in konkrete casus hawwe wy fernommen dat by telefoanyske neifraach by it SNN men net ynhâldlik op de saken yngean wol, yn de ferdigening sjit en de oanfreger ferwyrt dat hy 'de yntegriteit fan de beoardielingskommisje yn twifel bringe wol'. Der wurdt koartsein ôfret om beswier te meitsjen, om't dit allinnich op prosedurele grûnen mooglik wêze soe. Men hat en krijt sa gjin goed sicht op de wize wêrop de beoardieling fan de projekten ynhâldlik rint.</p> <p>Yn rûnten fan biologyske en grûnbûne boeren ûntstiet no it byld dat de advyskommisje foar de POP-3 jilden in hiel oare fyzje neistribbet as de provinsje mei syn lânboubelied, mar dat dêr ynhâldlik net oer praat wurde kin. De biologyske, grûnbûne en natuerynklusive lânbou soe sadwaande oan'e krappere ein komme.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hokker part fan de POP-3 oanfragen by SNN (yn oantal en yn jild) hat betrekking op (ynnovaasje, duorsumens, ûntwikkeling fan) de lânbou ? 2. Hoefolle fan dizze oanfragen wurde ôfwiisd en om hokker bedrach giet it (per jier of per trânche)? 3. Hokker part fan de POP-3 oanfragen út de lânbou giet spesifyk oer biologyske, grûnbûne of natuerynklusive lânbou? En om hokker bedrach giet dat dan? 4. Hawwe jo ek ynsjoch op hokker grûnen de ôfwiisde oanfragen net takend wurde? Bygelyks 'net ynnovatyf genôch' of 'net genôch kâns fan slagjen'? Kinne jo dat ek wer útsplitse nei 'gongbere' en 'biologyske' oanfragen? 5. Kinne jo op grûn fan it boppesteande in útspraak dwaan oft it kloppet dat biologyske, grûnbûne en natuerynklusive lânbou

	<p>by POP-3 yndied oan'e krappere ein komt?</p> <p>6. Hoe tinke jo yn de takomst – los fan de al earder konstataarre problemen mei burokrasy en lestige prosedueres – it klear te krijen dat de POP-3 regeling kwa ynhâldlike doelen optimaal oanslute sil by it provinsjale lânboubelied? En dat dit yn de prosedueres by SNN foar de oanfregers ál goed ynhâldlik nei te kommen is?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Wopke Veenstra

Datum	9 maaie 2016
-------	--------------